

Eltse dei BBB etter

Ferkieziings- programma

Dantumadiel



GEMEENTE
RIEDS
FERKIEZINGEN
18.3.26

Eltse dei BBBetter

Us kearnwearden

BBB is de partij fan en foar de regio. Wy sette ús yn foar in leefber Dantumadiel wêryn't elke ynwenner him thús fielt. Wêr't wy mei-inoar wenje, wurkje en rekreëarje en wy grutsk binne op ús kultuer en tradysjes. Dat dogge wy altyd út ús kearnwearden wei:

Mienskip

Der foar inoar wêze is fanselssprekkend.

Wy sjogge nei inoar om.

Wy binne der foar alle ynwenners fan Nederlân en litte nimmen efter.

Gouden regel

Dy't himsels net nitelje wol, moat in oar net narje.

Behannelje in oar sa't jo behannele wurde wolle.

Wy hawwe en freegje respekt foar in oar syn miening en besit.

Elkenien is lykweardich.

Autentyk

Wy bliuwe sa't wy binne, dogge gewoan, binne posityf en steane iepen.

Wy hâlde fan humor.

Binne net arrogant, oftewol gjin poeha.

We sjogge by krityk net allinnich yn de fierrekiker, mar ek yn de spiegel.

Net te grut om flaters ta te jaan.

Wy binne grutsk op wa't wy binne en wêr't wy weikomme.

Profesjoneel

Wy sjogge foarút, nei de lange(re) termyn.

Wy binne ús bewust fan ús styl & hâlding.

En stelle it algemien belang boppe it persoanlik belang.

Ynhâldsopjefte

Us kearnwearden	2
Ynhâldsopjefte	3
Foarwurd	4
Mei-inoar leefber hâlde	4
Balâns en mienskip	4
Dúdlike karren	4
Eltse regio telt!	4
Wat dit konkreet ynhâldt	5
Us doar stiet altyd iepen	5
Leefberens	6
Wenje	8
Sosjaal Domein	10
Jeugdsoarch	12
Underwiis	14
Romtlike Oardering	15
Ekonomy & Undernimme	16
Lokale ekonomy en ûndernimmerskip	16
Fêstigingsklimaat en bedriuwichheid	16
Regeldruk en balâns	17
Plattelân & Wetter	18
In leefber plattelân is topprioriteit	18
Wetterkwaliteit en tafersjoch	19
Klimaat & Duorsumens	20
Feiligens & Hanthavening	21
Asiel & Migraasje	22
Gemeentelike Jildsaken	23
Bestjoerskultuer & Partisipaasje	24

Foarwurd

Dantumadiel is ús thús. Hjir kenne wy inoar, hjir stekke wy de hannen út 'e mouwen en hjir bouwe wy mei-inoar oan de takomst. Hjir wenje, wurkje en rekreëarje wy.

Mei-inoar leefber hâlde

BBB set him yn foar in leefber Dantumadiel dêr't eltsenien him thús fielt. Wy soargje mei-inoar goed foar ús omjouwing én foarinoar. Minsken krije de romte om ferantwurdlikheid te nimmen foar harren libben, wurk en buert. Dêrby binne sûn ferstân en betrouwen liedend yn belied. Beskoalmasterjen heart dêr net by.

Balâns en mienskip

Wy wolle in goede balâns: tusken wenkearnen en plattelân, ynwenners en oerheid, regels en de werklikheid. Net troch minsken yn hokjes of doelgroepen te pleatsen, mar troch út te gean fan krêft, belutsenens en mienskip. We biede de springplanke foar wa't foarút wol en it fangnet foar wa't stipe nedich hat.

Dúdlike karren

Alle dagen BBBetter freget om it meitsjen fan dúdlike karren. BBB Dantumadiel nimt dy ferantwurdlikheid: transparant, ûnderboud, yn oerlis mei belutsen partijen en altyd yn it belang fan de leefberens. Dêrby hâlde wy fêst oan ús kearnwearden: Mienskip, de gouden regel, autenticiteit en profesjonaliteit.

Eltse regio telt!

BBB is de partij fan de regio. Wy wurkje, yn koarte linen en begryplike taal, gear mei ynwenners, organisaasjes én mei ús fertsjintwurdigers yn provinsjes, wetterskippen, Den Haag en Europa. Sa soargje wy dat Dantumadiel meiprate en profitearje kin.



Wat dit konkreet ynhâldt

Wat dit konkreet betsjut foar Dantumadiel, lêze jo yn dit programma. Dêryn beneame wy de oandachtspunten dy't hjir écht libje en dêr't wy mei jim oan wurkje wolle. Tink bygelyks oan it ferminderjen fan regeldruk foar boeren en ûndernimmers, ek as it giet om it organisearjen fan eveneminten. Wy sette ús yn foar passende wenten foar jong en âld, wêrby't wy it wenferlet sekuer ôfstimme mei de doarpsbelangen en wy stimulearje nije inisjativen lykas kollektive jongereinprojekten. Dêrneist jouwe wy ynwenners echt in stim – mei ekstra omtinken foar jongeren, bygelyks fia in jongereinried. Us doarpshuzen binne ûnmisbere moetingplakken binnen it sosjaal domein, dêr't wy ek gebietsteams, âlder bernedcafees en sprekoeren fan de wykagint fasilitearje.

As lêste koesterje wy ús Fryske taal, tradysjes en it lokale erfgoed, jouwe wy ekstra romte oan optochten en doarpsfeesten én sette wy fol yn op it behâld fan de selsstannichheid fan ús gemeente, omdat wy leauwe dat tichteby bestjoeren soarget foar maatwurk en belutsenens yn Dantumadiel.

Us doar stiet altyd iepen

Ta beslút. As der wat spilet yn ús omjouwing dan binne wy ree om te harkjen. BBB Dantumadiel is altyd tichtby en berikber.

Leefberens

Fyzje

BBB bestiet om alle ynweners in leefber Dantumadiel fiele te litten. Hâlding en gedrach neffens it BBB-mienskip-prinsipe is dêrfoar in wichtich útgongspunt. Wy hawwe omtinken foar de minsken en de omjouwing dêr't wy yn wenje, wurkje en rekreëarje, troch dy te koesterjen en der mei-inoar goed foar te soargjen, lykas foar inoar. Dat begjint mei ferbining tusken ynweners, wêrby't wy ynsette op sterke en leefbere doarpen, mei genôch foarsjennings en moetingplakken. De gemeente stipet en fasilitearret inisjativen fan ynweners dy't bydrage oan de sosjale ferbining. BBB stiet foar minder regeldruk en mear fertrouwen.

-  **Foarsjennings hâlde.** Foarsjennings lykas winkels, sportfasiliteiten, medyske soarch, doarpshuzen en skoallen yn buerten en doarpen hâlde wy wêr mooglik.
-  **Kultuerhistoaryske skaaimerken hâlde.** De kultuerhistoaryske skiednis fan Fryslân en har Fryske taal is grut. BBB Dantumadiel wol dat der mear omtinken is foar de Fryske taal en it Frysk erfgoed. Wy nimme dy foarmen fan kultuer op as folweardige ûnderdielen fan it kultuerbelied en de kulturfyzje. Fan de Driezumer terp oant Kleaster Klaarkamp en fan de Sûkereij oant de Skierstins.
-  **Kulturele identiteit koesterje.** Wy koesterje ús kulturele identiteit en tradysjes en fasilitearje aktiviteiten dy't hjiroan bydrage, lykas doarpsfeesten, optochten, de jierlikse ûntfangst fan Sinteklaas en fansels it karbidsjitten op âldjiersdei. Tradysjes ferbine ús doarpen en buorskippen.
-  **Optochten mei fersierde weinen bliuwe mooglik.** BBB Dantumadiel set him yn foar it behâld fan optochten mei fersierde weinen as weardefolle doarpstradysje. Wy soargje foar begryplike en wurkbere regels dy't passe by de easken fan fersekerders, sûnder ekstra drompels foar ferieningen. Dêrby bliuwe wy yn petear mei fersekerders om de kosten sa leech mooglik te hâlden. Sa soargje wy derfoar dat ús optochten tagonklik en betelber bliuwe foar eltsenien yn de mienskip.
-  **Mearjierrige fergunningen.** BBB fynt dat Nederlanners in oerheid fertsjinje dy't minsken fertrout en in oerheid dy't fertroud wurde kin. In oerheid dêr't jojo-belied ferline tiid is. In regeling moat ek takom jier noch bestean. In fergunning moat ek foar de kommende jierren wat wurdich wêze. BBB Dantumadiel set dêrom yn op mearjierrige fergunningen wêr mooglik.
-  **Stimulearje ferbining tusken ynweners.** Lytse organisaasjes en lokale inisjativen dy't bydrage oan de ferbining fan ús ynweners wurde stimulearre, mooglik mei leechdrompelige subsidzjes.



-  **Minder regels, mear fertrouwen.** Gjin lokale kop op lanlike regels! Wy wolle de BIBOB-toets ôfskaffe foar eveneminten mei in begrutting oant € 50.000. De resinte ôfsizzing fan de gersbaanrace, omdat frijwilligers oerweldige waarden troch de hoemannichte ferplichte dokuminten, lit sjen dat it oars moat.
-  **Gjin ferplichte rjochtspersoon bij frijwilligersinistativen.** Foar subsydzjes oant € 20.000,- wolle wy gjin ferplichte rjochtspersoon. Frijwilligers moatte ienfâldich subsydzje oanfreegje kinne, sûnder ekstra kosten of administrative drompels. Tegearre sjogge we nei in passende en ferantwurde oplossing.
-  **Eltsenien kin sporte.** Wy fine it wichtich dat eltsenien yn Dantumadiel sporte kin.
-  **Eltsenien kin meidwaan.** Sporte en bewege drage by oan in sûn, fitaal en ferbûne Dantumadiel. It is wichtich dat eltsenien — jong en âld, mei of sûnder beheining — meidwaan kin. Dêrom sette wy yn op it fersterkjen en fasilitearjen fan besteande sportfoarsjennings en ferienings yn alle doarpen. Wy stimulearje gearwurking mei partners dy't sportaktiviteiten berikber en betelber hâlde.
-  **Stimulearje it ferieningslibben.** In bloeiend ferieningslibben is wichtich foar Dantumadiel, de gemeente draacht hjiroan by mei leechdrompelige subsydzjes en wêr mooglik praktyske stipe.
-  **Stimulearje jongereinaktiviteiten.** Wy soargje derfoar dat in moai grut part fan it doarpsbudzjet beskikber komt foar jongereinaktiviteiten. Dêrmei stimulearje wy lokale inisjativen dy 't bydrage oan in sûne en aktive jongerein yn ús doarpen.

Wenje

Fyzje

BBB Dantumadiel hat each foar de minske efter de wenningsykjende. We wolle gau en betelber bouwe foar starters, gesinnen en âlderein, mei each foar leefberens, eigen rezjy en ús lokale karakter yn Dantumadiel. Troch tûk te bouwen en better gebrûk te meitsjen fan besteande romte, bouwe we oan in Dantumadiel dêr't eltsenien him écht thúsfielde kin. Wa't al in lokale bining mei Dantumadiel hat, krijt wat ús oanbelanget, prioriteit om yn de gemeente te wenjen.

-  **Wenningen dy't passe yn de omjouwing.** Wy wolle hûzen bouwe dy't goed passe yn de buert en by de grutte fan de mienskip. Yn grutte dragende kearnen bouwe wy, as it mooglik is, grut en kieze wy foar optopping, want dêr is romte en in ynfrastuktuer foar gruttere wenningbouprojekten. Yn lytse kearnen bouwe wy lyts en soarchfâldich. Yn elke kearn of wyk ien strjitsje derby, sadat it doarp syn karakter behâldt.
-  **Passend en nei ferlet.** Gjûn djoere ferletpeilingen of enkêtes, mar fuort it petear oangean mei bygelyks doarpsbelangen. Sa soargje wy mei-inoar foar leefbere, werkenbere en takomstbestindige doarpen dy't écht passe yn harren omjouwing.
-  **Tûk romtegebrûk.** Wy moatte besteande wenten en gebouwen better en fleksibeler brûke, bygelyks omfoarmje fan (agraryske) leechsteande gebouwen, splitsen fan wenningen of in famyljewenning op eigen terrein.
-  **Rappe en bettere wenningbou.** BBB wol mear huzen bouwe en dit flugger dwaan. Ferhastigje it fergunningsproses wêr mooglik en meitsje de oanfraach simpeler. Beswierprosedueres moatte flugger en mei prioriteit trochrûn wurde. Wy sette yn op fabryksmjittige wenningbou om te ferhastigjen.
-  **Betelbere wenten foar elkenien.** Wy stribje nei in goede mjuks fan keapwenten, middenhier en sosjale hier. Sa soargje wy foar in lykwichtige buert, dêr't minsken mei ferskate ynkommens en eftergrûnen yn libje.
-  **Bouwe yn eigen buert.** BBB Dantumadiel wol jongerein de kâns jaan om tegearre betelbere keapwenten te realisearjen yn harren eigen doarp. Wy sette ús yn foar nij belied mei in legere grûnpriis en in priisplafond foar kollektive jongereinprojekten, wêrby't de wenningen op syn minst fiif jier troch de bouwers sels bewenne wurde. Lokale jongeren krije foarrang en de gemeente stipet by it opsetten fan it inisjatyf en it regeljen fan fergunningen. Sa bouwe jongeren mei-inoar oan harren takomst en hâlde wy ús doarpen leefber en jong.



Foarrang by de tawizing wenten. Wenningen wurde ynearsten tawiisd oan minsken mei in sterke lokale bining, wy pleitsje dêrom foar in passend belied by it tawizen fan sosjale hier en de ferkeap fan nijbouprojekten. BBB Dantumadiel set de Húsfêstingswet út 2014 yn om derfoar te soargjen dat statushâlders gjin foarrang krije by de tawizing fan wenningen.

Wenje yn in fertroude omjouwing. Alderen moatte tichtby harren fertroude omjouwing wenjen bliuwe kinne. Dêrom sette wy yn op foldwaande âldereinwenten en lytsskalige wen-soarchsintra yn buerten.

Sosjaal Domein

Fyzje

De minske sintraal en net it soarchsysteem. BBB Dantumadiel stiet foar in oanpak fan soarch, wolwêzen en stipe dy't begjint by it sjen fan de minske. Soarch moat tichteby en leechdrompelig wêze. It sosjaal domein krijt de romte om te dwaan wat wurket. Wy sjogge nei it ferlet fan ús ynwenners en hâlde binnen it sosjaal domein net star fêst oan potsjes of budzjetten. Dat betsjut regels dy't stypje yn stee fan beheine. Betrouwen yn ynwenners, soarchferlieners en frijwilligers is it útgangspunt. Wy leauwe dat it ynsetten op previntive soarch, gruttere problemen foarkomme kin.

- Soarchjild nei de praktyk, net nei papier.** BBB kiest foar ienfâldige en doelfêste soarch. Gjûn djoere struktueren, mar praktyske oplossingen. Minder administraasje, mear minsken yn de praktyk. Wat echt nedich is, moat gewoan kinne.
- Maatwurk as standert.** Wy doare fleksibel om te gean mei budzjetten, sjen nei it ferlet fan ús ynwenners en leverje dêrfoar maatwurk.
- Betrouwen en romte foar professionals.** De gemeente stelt in budzjet fêst om yn útsûnderlike gefallen ôfwike te kinnen fan de regels.
- Soarch ferhastigje.** Wy sjogge yn dat der by in soad soarchoanbieders wachtlisten binne. Wy sjogge nei-inoar om, en as soks nedich is wike wy út nei soarchoanbieders bûten de gemeente as ús ynwenners dêr flugger holpen wurde.
- Fêst kontakt.** Wy ferminderje it tal loketten en geane foar mear persoanlik omtinken. Wy kieze foar ien kontaktpersoan en ien plan de húshâlding.
- Mear stipe foar mantelsoargers.** As mantelsoarch te swier wurdt, is der help beskikber, sûnder skuldgefoel.
- Ynset deibesteging en ferfangende soarch.** BBB Dantumadiel wol oerbelêsting fan mantelsoargers foarkomme, dêrby binne deibesteging en ferfangende soarch wichtige ynstruminten.
- Gjin ûnnedige weryndikaasjes.** By bliuwende beheiningen binne weryndikaasjes faak stressfol en in ûnnedige belêsting fan de meiwurkers fan it sosjaal domein. We skrasse de gefallen wêryn't yn it foar dúdlik is dat soarch bliuwend nedich is, om stress en kosten te besparjen.
- Foarinoar soargje.** Mei-inoar stimulearje wy dat wy sûn ite, mear bewege, jong en âld, en inoar faker moetsje. Dat stimulearret de gemeente. Bygelyks troch de Buertkeamer, sportprojekten, bankjes yn doarpskearnen en foldwaande boartersplakken oan te bieden.



Previnsje is essinsjeel. Wy sette yn op previnsje om it wolwêzen fan ynwenners te fersterkjen en kosten yn it sosjaal domein te beheinen. Dêrom stypje wy inisjativen lykas jongereinwurk, ynrin foar âlderein en sette wy yn op it behâlden fan foarsjennings lykas doarpshuzen, dêr 't dy inisjativen útfierd wurde.

Drugsprevinsje. Drugsgebrûk bliuwt in soarch yn Dantumadiel. It resint oantroffen drugsfab ûnderstrekjet de oanwêzigens fan ûndermynjende kriminaliteit en de needsaak fan wachens en gearwurking tusken ynwenners, gemeente en plysje. Op basisskoallen yn de Westereen is koartlyn in proef begûn mei VNN, ROOBOL, GGD, Theater SMOAR en Yfke. As út de evaluaasje bliken docht dat dizze gearwurking goed wurket, wol BBB Dantumadiel dit útwreidzje nei oare basisskoallen yn de gemeente.

Suïsideprevinsje. Wy sjogge nei inoar om en wy stelle yn Dantumadiel in suïsideprevinsjekoördinator oan, sadat ek ús kwetsberste ynwenners it paad nei passende help fine kinne.

Jeugdsoarch

Fyzje

Goede jeugdsoarch begjint net by in helpfraach, mar by in buert dy't oplet. Jongeren fertsjinje gjin systeem, mar echte oandacht. BBB Dantumadiel wol werom nei in maatskippij wêryn't wy omsjogge nei inoar. Dêr't professionals fertroud, bern heard wurde, en de mienskip wer in rol spilet yn opfieding en stipe. Net elke tsjinslach is in diagnoaze. Net elk bern hat jeugdsoarch nedich, mar húshâldingen dy't fêstrinne hawwe rjocht op help; leechdrompelig, tichtby en sûnder skamte. Wy soargje foar koartduorjende stipe dêr't dat mooglik is, yntinsive spesjalisearre jeugdsoarch wannear't it nedich is.

Fêste oansprekpunten en iere sinjalearring. Bern yn de jeugdsoarch sizze faak dat se harren net heard fiele. Dat moat oars. Elk bern moat witte by wa't hy of sy terjochte kin. Oft it no giet om soargen thús, op skoalle of yn de ynstelling. Dêrom wolle wy fêste oansprekpunten op skoalle, by it gebietsteam, de lokale sportferiening en jeugdklups. Jongereinwurkers moatte dêr in aktive rol yn spylje, sadat jongeren echt sjoen en heard wurde. Dêr kinne bern feilich prate. Sa kinne problemen earder sjoen en oplost wurde. Dit freget om strukturele gearwurking tusken gebietsteams, skoallen en doarpshuzen foar previntive aktiviteiten en sinjalearring.

Tafersjoch op oanbod soarchferlieners. BBB Dantumadiel hat soargen oer de sintrale ynkeap fan de soarch en it grutte tal ynstellingen dat meidocht oan de oanbesteging fan de gemeente Ljouwert út. Wy wolle mei it each op nije oanbestegingen it funksjonearjen fan jeugdhelpeoanbieders evaluatearje op harren werklike resultaten en effektiviteit.

Minsklik kontakt. Foar soarch en oar klantekontakt is it nedich dat ynwenners mei echte minsken prate: regionale callcenters of ûnpersoanlike (digitale) loketten sjitte tekoart. BBB Dantumadiel is foar persoanlik kontakt.

Bliuw yn kontakt ûnder wachttiden. Bern en âlden op in wachtlist meie harren net allinnich fiele. Gemeenten moatte kontakt hâlde mei gesinnen dy't wachtsje op help. Tink oan updates, tips of stipe út de buert. Sa bliuwe we yn ferbining en foarkomme wy dat problemen slimmer wurde.

Help begjint yn de buert. We soargje foar sterke gebietsteams. Dêr kinne bern en âlden maklik ynrinne foar help. Sa foarkomme wy dat problemen grutter wurde. Dizze teams wurkje gear mei skoallen, sportklups en húsdokters. Tichtby en fertroud.

Gebietsteams yn doarpshuzen. Gebietsteams wurde sichtber en berikber yn alle doarpen, mei fêste oeren om yn te rinnen yn doarpshuzen foar gesinnen dy't wachtsje op help. De gemeente hâldt aktyf kontakt mei gesinnen op de wachtlist, bygelyks fia moanlikse check-ins troch it gebietsteam. BBB Dantumadiel stimulearret it opsetten fan âlden&bernekafees yn doarpshuzen, dêr't âlden en jongeren inoar moetsje kinne en ûnderfinings diele kinne.



 **Jou professionals de romte.** Jeugdprofessionals witte wat der nedich is. Sy fertsjinje ús fertrouwen. Minder tiid oan papierwurk, mear tiid foar bern en gesinnen. Wy kieze foar fakmanskop. Jou professionals de romte om te dwaan wat wurket – oer organisaasjegrinzen hinne en Dantumadiel stelt in budzjet fêst om yn útsûnderlike gefallen ôfwike te kinnen fan de regels. Alden en jongeren hawwe dêrby ynspraak yn de kar foar in oanbieder.

Underwiis

Fyzje

Goed en passend ûnderwiis is in basisrjocht foar alle bern. BBB Dantumadiel wol dat bern safolle mooglik basisûnderwiis folgje kinne yn harren eigen wyk of doarp. Skoallen binne wichtige meetingsplakken. Hja fersterkje de gearhing yn doarpen en drage by oan in buert. Dêrom sette wy ús yn foar berikbere en takomstbestindige skoallen.

-  **Underwiis ticht by hûs.** BBB Dantumadiel wol fúzjes en slutingen fan basisskoallen foarkomme troch skoallen te stypjen by gearwurking, bygelyks mienskiplike fakdosinten of mienskiplike fasiliteiten.
-  **Passend ûnderwiis tichtby.** Passend ûnderwiis biede wy it leafst ticht by hûs. As dat net kin, is de gemeente ferantwurdlik foar it regeljen fan goed ferfier. Dat dogge wy by foarkar fia frijwilligers of lokale ferfierders en mei sa koart mooglike ritten.
-  **Learling sintraal.** Wy sette de learling sintraal en kombinearje budzjetten út de Jeugdwet en Passend Underwiis wei. Sa soargje wy foar in passend plak foar elk bern en foarkomme wy earder skoalferlitten.
-  **Sterke gearwurking foar de jongerein.** Wy wurkje nau gear mei skoallen en biede goede previntive jeugdsoarch op skoalle, bygelyks fia skoalmaatskiplik wurk, previnsjemeiwurkers en jongereinwurkers.
-  **Griene en feilige skoalpleinen.** Wy stimulearje oantreklike en griene skoalpleinen dêr't bern boartsje en leare kinne.
-  **Subsydzjes foar fergrienen en feiliger meitsjen skoalpleinen.** In goed skoalplein is mear as in plak om te boartsjen. It is ek in plak dêr't bern har fysyk, sosjaal en kreatyf ûntwikkelje. Yn Wâlterswâld is mei âlden en bern it skoalplein fergriend en der binne natuerlike boarterseleminten pleatst. BBB Dantumadiel wol dat as foarbyld brûke foar oare skoallen en in subsydzjeregeling beskikber stelle foar skoallen dy't harren plein griener en feiliger meitsje wolle.
-  **Biblioteken en taalfeardigens.** Biblioteken spylje in essinsjele rol yn it bestriden fan (digitale) letterswakkens en it befoarderjen fan lêspлезier. BBB Dantumadiel wol mei skoallen, biblioteken en gebietsteams ynvestearje yn in brede oanpak fan taalûntwikkeling – fan jonge leeftyd ôf oant yn it folwoekseneûnderwiis. Yn De Westereen wurket de bibliteek gear mei skoallen en it Gebietsteam oan lêsbefoarderingsprogramma's en taalmaatsjesprojekten.
-  **Swimfeardigens.** BBB Dantumadiel wol de fangnetregeling foar swimles behâlde. Swimme is net allinnich sûn, mar ek fan libbensbelang yn in wetterryk lân. Wy fine dat elk bern swimmen leare moat, nettsjinsteande eftergrûn of ynkommen en wolle der op tasjen dat der gjin bern tusken wâl en skip falle.



Romtlike Oardering

Fyzje

Foar BBB Dantumadiel is it essinsjeel om tûk om te gean mei de beskikbere romte. Dat betsjut dat we logysk neitinke oer hokker foarsjennings we op hokker plak wolle. Wy rjochtsje de romte tûk en duorsum yn, mei each foar minsken, natuer en takomst. Sa bouwe wy oan in Dantumadiel dêr't elkenien meidwaan kin.

 **Romte tûk brûke.** Wy geane effisjint en effektyf om mei de beskikbere romte dy't wy hawwe en stimme de yndieling yn de romte ôf op wat minsken nedich hawwe.

 **Griennoarm.** Wy wolle, by nijbouprojekten, safolle as mooglik de griennoarm 3 -30 -300 berikke. Ofwol:

3 : elkenien moat út syn wenning wei minimaal 3 beammen sjen kinne.

30 : in minimale beam kroanbedekking dy't soarget foar skaad yn buerten fan 30%

300 : elkenien soe op 300 meter kuierôfstân fan syn wenning in grien ferbliuwsplak of park hawwe moatte.

 **Ferkearsfeiligens hat prioriteit.** BBB makket fan ferkearsfeiligens in prioriteit, foaral foar bern, âlderein en fytters. We nimme sinjalen fan ynwenners, bedriuwen en ynstellingen serieuus en soargje foar feilige oerstekplakken, goede fytspaden en maatregels dy't it ferkear fertraagje dêr't dat nedich is. Sa meitsje we ús strjitten feiliger foar elkenien.

Ekonomy & Undernimme

Fyzje

BBB Dantumadiel stiet foar in sterke lokale ekonomy dêr't ûndernimmers de romte yn krije om te ûndernimmen en by te dragen oan wurkgelegenheid, leefberens en itensfoarsjenning. De gemeente moat harren stypje mei minder regels, mear betrouwen en romte foar groei en ynnovaasje. Sa hâlde we Dantumadiel fitaal.

Lokale ekonomy en ûndernimmerskip

- BBB stipet lokale ûndernimmers.** Lokaal ûndernimme ferbynt en is duorsum. Wy binne grutsk op ús bedriuwen!
- Lokaal ynkeapje.** De gemeentlike organisaasje keapet produkten en tsjinsten it leafst lokaal yn en makket dêrby as it nedich is gebrûk fan in rûlaasjesysteem sadat mear ûndernimmers oan bar komme. By ûnderhânske oanbestegings nûgje wy altyd op syn minst ien lokale ûndernimmer út, as dy beskikber is, om earlike kânsen te bieden op gemeentlike opdrachten.
- Stimulearjen gearwurking ûndernimmers.** Undernimmersferieningen en lokale ûndernimmers drage by oan feilige, oantreklike en libbene winkelstrjitten en bedriuweterreinen. Wy fine it wichtich dat inisjativen fan ûndernimmers dy't dat fuortsterkje stipe wurde. De gemeente stipet dêr't it nedich is.

Fêstigingsklimaat en bedriuwichheid

- Lokaal fêstigje is oanloklik.** BBB wol in oanloklik fêstigingsklimaat behâlde en fersterkje troch te ynvestearjen yn goede, berikbere en gaadlike bedriuwslokaasjes. Wy biede ûndernimmers aktive stipe en hâlde dêrmei ús doarpskearnen libben en oanloklik.
- Minder regeldruk.** Minder regeldruk en dúdlike prosedueres soargje derfoar dat ûndernimmers harren rjochtsje kinne op harren bedriuw, wylst der folop romte is foar fernijing en tûke oplossingen. Sa bliuwt Dantumadiel in gemeente dêr't bedriuwen harren ûntwikkelje kinne, ynwenners profitearje fan nije kânsen en dêr't it noflik wenjen, wurkjen en ûndernimmen is.
- Wenjen, natuer en bedriuwichheid opinoar ôfstimme.** Yn oerlis mei-inoar besjen wêr't hokker funksjes it bêste plakfine kinne. En hoe't wy wat mear ferdraachsum foar inoar oer wêze kinne. As bedriuwen ferpleatst wurde wolle nei in passender lokaasje, wurde se stipe.



- Romte foar rekreaasje.** BBB Dantumadiel set him yn foar in gemeente dy't rekreaasje en toerisme stipet en fasilitearret. De gemeente spilet in aktive rol yn it behâld en de promoasje fan ús unike kûlizerlânskip, de grutte natuer en de rike kultuerhistoarje. Fan de midsiuwske Schierstins en iuwenâlde tsjerken oant it kleaster Claerkamp.
- Wiis wêze mei toerisme.** Troch te soargjen foar goede foarsjenningen, it stypjen fan inisjativen om monuminten sichtber te meitsjen en it stimulearjen fan de promoasje fan ús heechwurdearre campings, helpt de gemeente ûndernimmers en lokale inisjativen om besikers te ferwolkomjen. Sa draacht de gemeente by oan brûzende doarpen, nije ekonomyske kânsen en in gemeente dêr't ynwenners en besikers grutsk op wêze kinne.

Regeldruk en balâns

- BBB foarkomt ûnnedige lokale regels.** Undernimmers en ynwenners meie net fêstrinne op lokale regels dy't net in soad opsmite foar minske of miljeu.
- BBB kiest foar betrouwen.** BBB Dantumadiel wol lokale ûndernimmers de romte én it betrouwen jaan. Tink oan ekstra terrasromte yn de simmer, lytse eveneminten of oare inisjativen op strjitte of yn it doarpssintrum. Sokke ideeën meitsje Dantumadiel libben en fertsjinje stipe, gjin papierwurk. Dêrom stappe wy ôf fan ûnnedige burokrasy. Gjin wiken wachtsje op in fergunning, mar in rappe melding fia in digitaal loket. Wy kieze foar in "ja, of it moast wêze dat ..." – oanpak: ûndernimme kin, of it moat wêze dat der swierwagende redenen binne om yn te gripen.
- Romte foar feest en tradysje.** We beskermje de romte foar rekreaasje, eveneminten en tradysjes. Dêrby wolle wy dat fergunningen foar bygelyks in (doarps)feest, merk of kultureel evenemint net ûnnedich yngewikkeld of strang binne. Wat altyd mocht, moat net samar ynienen ferbean wurde.

Plattelân & Wetter

Fyzje

Agraryske ûndernimmers hawwe ek baat by minder regels, mear fertrouwen en romte foar groei en ynnovaasje. Sy hâlde it plattelân yn stân en fertsjinje dêryn stipe fan de gemeente. BBB Dantumadiel fielt him ferantwurdlik foar dizze stipe. Tegearre soargje wy foar ús plattelânsmienskip. In leefber plattelân is topprioriteit en in goede wetterkwaliteit is in eask.

Een leefber plattelân is topprioriteit

-  **Leefber bûtengebiet.** Wy sette ús aktyf yn om it bûtengebiet leefber, goed ûnderhâlden en fitaal te hâlden, mei genôch foarsjennings, wenningoanbod en berikberens mei respekt foar de autentike omjouwing. De boer is as ûndernimmer drager fan it bûtengebiet.
-  **Prioriteit foar ûnderhâld fan plattelânsdiken.** It ûnderhâld fan diken yn it bûtengebiet moat bydrage oan de leefberens en feiligens fan ús plattelânsgemeente. BBB Dantumadiel wol ûndersykje oft it ûnderhâldbudzjet foar diken yn it bûtengebiet foldwaande is. Efterstallich ûnderhâld moat tefoaren kommen wurde sadat de berikberens fan doarpen en bedriuwen garandearre bliuwt.
-  **Buorkerijwinkels.** BBB Dantumadiel stribbet dernei om fergunningen foar it ferkeapjen fan lokale produkten flot en soepel te jaan. It oanbieden fan in breed skala oan regionale produkten oan konsuminten moat aktyf stimulearre wurde.
-  **Natuerlik behear fan bermen en grienstripen.** Dantumadiel meant allinnich dêr't it nedich is foar feilichheid of agrarysk gebrûk en kiest fierder foar ekologysk behear.
-  **Twa kear yn it jier meane.** BBB Dantumadiel stelt feilichheid foarop en fynt it foar de ferkearsfeiligens needsaaklik dat de bermen yn it bûtengebiet op syn minst twa kear yn it jier meand wurde.
-  **Lânbougrûn.** BBB Dantumadiel fynt it wichtich om de agraryske funksje en it ferkavelingspatroan fan it bûtengebiet te behâlden en is weromhâldend yn it ôfwurdearjen fan lânbougrûn foar oare doelen.



Stipe foar eks-agrariërs. BBB Dantumadiel wol boeren dy't ophâlde helpe troch gemeentlike subsydzjes en fûnsen beskikber te stellen dy't helpe by omskoalling, it starten fan in nij bedriuw of it werbestimmen fan in hiem. Wy wolle de saneamde read-foar-read-regeling ferromje. Dat betsjut simpel sein: as ien de stâlen of skuorren op it hiem sloopt, moat dêr net perfoarst mar ien wenning foar weromboud wurde meie, mar bygelyks meardere, lytse wenten. Dit kin allinnich as it gjin oerlêst jout foar de omjouwing. Sa meitsje we romte foar wenjen op it plattelân, foarkomme we leechstân en biede we nije kânsen foar it hiem. Op dizze wize helpe wy eks-boeren foarút, hâlde wy it bûtengebiet leefber en soargje wy dat frijkommende hiemen goed benut wurde.

Wetterkwaliteit en tafersjoch

Oanpak wetterfersmoarging by de boarne. Wy ferbetterje oerstoarten fan it rioel om fersmoarging by rein foar te kommen. Ek oare boarnen fan wetterfersmoarging wurde rjochte oanpakt. Wy wolle hjiryn aktyf de gearwurking opsykje mei Wetterskip Fryslân.

Hâld de strjitten drûch. BBB Dantumadiel stribbet dernei wetteroerlêst troch oerstreamingen foar te kommen. Yn it Gemeentlik Rioelearingsplan moat dêrom, neist in ûnderhâldsplan foar rioelearring en wettergongen, fêstlein wurde hokker maatregels it meast effektyf binne. Dêrby moat rekken hâlden wurde mei faktoaren lykas de boaiem, de grûnwetterstân en de aard fan de bebouwing. Wêr mooglik ferfange wy ferâldere rioelearring op in logysk en natuerlik momint troch moderne, takomstbestindige systemen. Sa hâlde wy ús doarpen feilich en leefber, no en yn de takomst.

Farrûtes. BBB Dantumadiel stipet it rinnende ûndersyk nei de kânsen en risiko's foar in trochfeart fan Âldtsjerk oant de Wâldfeart. Wy fine it wichtich dat dêrby each is foar rekreaasje, leefberens en ekonomyske ûntwikkeling. Dat mei lykwols net ta skea gean fan lânbougrûn, de wetterhúshâlding of de belangen fan omwenners. Wy wolle de oanbelangjende stichting stypje by it benei kommen fan oare oerheden, sadat it projekt breed droegen en soarchfâldich útfierd wurdt.

Klimaat & Duorsumens

Fyzje

BBB Dantumadiel kiest foar realistyske duorsumens. Wa't read stiet kin net grien dwaan. Duorsumens moat praktysk, helber en betelber wêze én droegen wurde troch ynwenners en bedriuwen. Wy leauwe yn lokale oplossingen dy't wurkje foar minsk, natuer én ekonomy. Gjin twang of djoere, ûnhelbere plannen, mar wy dogge wat wurket. De gemeente hat hjir in wichtige rol yn as stiper en oanjager. Wy bouwe tegearre oan in leefbere en takomstbestindich Dantumadiel, dêr't elkenien yn meidwaan kin.

-  **Echte duorsumens.** Echte duorsumens moat bydrage oan it wolwêzen fan ús ynwenners en bedriuwen. Leefberens, karfrijheid en sizzenskip fan ynwenners steane sintraal.
-  **Duorsume enerzjy.** Lokale enerzjykoöperaasjes of oare inisjativen lykas it duorsumer meitsjen fan wenten, wurde oanmoedige salang't it net ta skea fan lânbougrûn of natuergebiet giet. Gjin sinnepanielen of grutskalige wynmûneparken op lânbougrûn en oerflaktewetter.
-  **Gjin ûnrealistyske doelen.** BBB stipet ferduorsuming, mar ferset him tsjin plannen dy't te folle kostje of net folle effekt hawwe. Wa't read stiet, kin net grien dwaan. BBB Dantumadiel wol gjin ekstra lokale koppen op nasjonaal belied.
-  **Agraryske ynnovaasjes.** BBB Dantumadiel is foarstanner fan (technyske) ynnovaasjes dy't boeren en boargers foarút helpe. Wy steane posityf yn it ferlienen fan fergunningen foar dongferwurkingsynstallaasjes, mits dy foldogge oan de miljeueasken.
-  **Behear fan gewaaksen.** Wy sette ús yn foar in effektyf behear fan ynvasive soarten en skealike gewaaksen yn ús gemeente. It bestriden fan planten as de reuzebeareklau, reuzereadskonk en it giftige jabikskrûd bliuwt in wichtige taak. Eksoaten en net-winske planten kinne troch ynwenners maklik meld wurde fia de Fixi-app. Wy wolle ûndersykje oft ynwenners dit in gebrûksfreonlik platfoarm fine. It is dêrneist fan grut belang dat wy toetsen bliuwe of brûkte bestridingsmetoaden wurkje, sadat lânseigen planten en bisten beskerme bliuwe tsjin ferkringing of fergiftiging.
-  **Net nûge diersoarten op ôfstân hâlde.** Ek it bestriden fan eksoatyske diersoarten freget ús oandacht. De Aziatyske hoarnbijen, úthiemske kreeften en de ikeprosesjerûp rukke hieltyd fierder op yn ús regio. BBB Dantumadiel wol dizze en oare net nûge gasten, lykas de wolf, bûten ús doarpen hâlde. Foar it behear fan ûnder oare de wolf sille wy it belied kritysk op 'e nij besjen, mei each foar de leefberens en feiligens yn ús doarpen.



Feiligens & Hanthavening

Fyzje

Visie BBB wol dat elkenien him feilich fielt yn Dantumadiel. Feiligens begjint mei sûn ferstân: oanpak fan echte oerlêst en kriminaliteit, net mei symboolmaatregels. De publike romte is fan ús allegearre en freget om respekt, dúdlike regels en sichtbere hanthavening.

- Strange oanpak organisearre kriminaliteit.** Dieders fan drugsoerlêst, fandalisme, soarchfraude en oare foarmen fan kriminaliteit moatte strang oanpakt wurde. BBB pleitet foar in yntergemeentlike regisseur ûndermyning (kriminaliteit).
- Feiligens tichtby.** Us helptsjinsten hearre tichteby en benaderber te wêzen. Wykaginten en BOA's binne bekend én sichtber yn de wiken en buerten. Wy sette ús yn foar safolle mooglik behâld fan lokale plysjeburo's en brânwachtkazernes yn de regio en stimulearje dielname oan de frijwillige brânwacht.
- Berikberheid wykaginten.** Wy wolde de berikberens fan wykaginten en BOA's fierder fersterkje. Dêrom pleitsje wy foar fêste sprekoeren, bygelyks yn doarpshuzen of MFC's. Sa kinne ynwenners maklik kontakt lizze en (feilichheids)fraachstikken beprate.
- Behâld plysjeburo's en brânwachtkazernes.** Wy sette ús yn foar safolle mooglik behâld fan lokale plysjeburo's en brânwachtkazernes yn de regio en stimulearje dielname oan de frijwillige brânwacht.
- Cyberkriminaliteit.** BBB wol dat ús gemeente him aktyf tariedt op cyberoanfallen en ynwenners better bewust makket fan digitale feilichheid.
- Buertprevinsje.** Wy stimulearje buertprevinsje en gearwurking mei ynwenners, sadat eltsenien bydrage kin oan in feilige leefomjouwing.
- De wolf.** BBB stiet foar de feiligens fan minske en bist. Wolfkearende stekken biede net altyd genôch beskerming en kinne boppedat net oeral pleatst wurde. Ek it tal moetingen tusken minsken en wolven nimt ta. Dat soarget foar groeiende soargen oer oanfallen op fee, húsdieren en yn guon gefallen ek op bern. Gedegen rintmasterskip betsjut goed natuerbehear en in rêstige wyldstân. De provinsje is ferantwurdlik foar natuerbehear, mar BBB wol dat boargemasters mear mooglikheden krije om op te treden by probleemwolven. Sa beskermje wy ús doarpen, hiemen en bisten en hâlde wy de balâns tusken minske en natuer sûn.

Asiel & Migraasje

Fyzje

BBB lanlik wol de ynstream fan asylsikers ferminderje, mar Dantumadiel hat dêr sels mar beheinde ynfloed op. Wol is de gemeente ferantwurdlik foar goede opfang fan flechtlingen en statushâlders. Wy fine it wichtich dat dit bart mei respekt foar de lokale mienskip en yn de geast fan mienskip: omsjen nei inoar, sûnder minsken te oerfreegjen. Dêrom belûkt ús gemeente ynwenners aktyf by de plannen en hâldt sy rekken mei harren reële soargen. Om mooglike oerlêst safolle mooglik te beheinen, pleitsje wy foar opfang dy't yn ferhâlding stiet ta it tal ynwenners fan de buert.

Gjin foarrang by tawizen wente. Statushâlders krije gjin foarrang by de tawizing fan wenten.

Passend wenje, gjin fergriemerij. Wy pleitsje foar passende húsfêsting foar statushâlders, wêrby't effisjint omgien wurdt mei de beskikbere wenromte. Ienpersoanshúshâldens hearre bygelyks net yn romme iengesinswenten, sadat dy beskikber bliuwe foar gesinnen.

Ynboargering is in plicht én in kâns. BWy pleitsje foar passende húsfêsting foar statushâlders, wêrby't effisjint omgien wurdt mei de beskikbere wenromte. Ienpersoanshúshâldens hearre bygelyks net yn romme iengesinswenten, sadat dy beskikber bliuwe foar gesinnen.

Frysk ferbynt - yntegraasje op syn Dantumadiels. BBB Dantumadiel fynt dat asylsikers en arbeidsmigranten de plicht hawwe en de mooglikheid krije moatte om goed yn te boargerjen yn Dantumadiel op sawol it mêd fan taal as ús lokale kultuer.

Lokale sizzenkip foarop. BBB Dantumadiel soarget derfoar dat ús gemeenteried de toutsjes yn hannen hâldt, ek as wy gearwurkje fia mienskiplike regelingen. By wenningtawizing krije statushâlders gjin foarrang, nettsjinsteande dat Ljouwert de praktyske útfiering fersoarget. Gearwurking is prima, mar net as it ús lokale sizzenkip ûnderminet.

Gjin wenning sûnder status. Gjin offisjele status? Gjin wenning.



Gemeentelike Jildsaken

Fyzje

BBB Dantumadiel fynt it wichtich dat we net mear útgjewe as der ynkومت. Wy tinke goed om ús gemeentlike jildsaken. Wy realisearje ús dat ús ynkومتen betelle binne troch de ynwenners fan ús gemeente en de boargers fan Nederlân. Fierwei it grutste part fan ús ynkومتen komt út it gemeentefûns. Wy sette ús, tegearre mei ús lanlike fraksje, aktyf yn om te soargjen dat de lanlike bydrage oan ús gemeente foldwaande heech bliuwt. Dat ha wy dien en dat bliuwe wy ek dwaan want we wolle ús gemeente net stikken besunigje. De gemeentlike útjeften moatte effektyf en effisjint wêze. Dit betsjut dat wy lette op sawol de kosten as de maatskiplike opbringsten. Mei-inoar kinne wy derfoar soargje dat lokale foarsjenningen yn stân bliuwe.

 **Belestingen omheech?** Lokale belestingen en lêsten omheech? Allinnich as it echt net oars kin, mar dan graach wól mei in goede útlis!

 **Earlik begrutsje, gjin boekhâldtrúks.** BBB is foar realistysk begruttjen fan ynkومتen likegoed as útjeften. Dat betsjut: ek lange termyn kostje, lykas ûnderhâld, op tiid meinimme. Reservearringen binne reëel en tsjinje net as ' sparpotsje ' efter de hân.

 **Mei-inoar ferantwurdlik, mei-inoar oplosse.** Us gemeente kin net alle maatskiplike fraachstikken allinnich oplosse. BBB stimulearret dat ynwenners, ûndernimmers, ferieningen en maatskiplike organisaasjes in rol spylje. Troch mei-inoar op te lûken, meitsje wy mear mooglik - finansjeel en sosjaal.

Bestjoerskultuer & Partisipaasje

Fyzje

BBB Dantumadiel stiet foar in bestjoerskultuer dy't ticht by de ynwenners stiet: nochter, iepen en betrouber. Gjin ivoaren toer, mar in gemeente dy't harket, útleit yn begryplike taal en hannelet mei sûn ferstân. Wy sizze wat we dogge en dogge wat we sizze. Ynwenners fertsjinje in serieuze stim yn harren eigen leefomjouwing. Partisipaasje betsjut foar BBB dat ynwenners aktyf heard en kend wurde foardat der in beslút naam wurdt.

 **Selsstannige gemeente.** BBB Dantumadiel kiest bewust foar behâld fan ús selsstannige gemeente. Net út nostalgia, mar út de oertsjûging dat lytsere gemeenten tichter by de boarger steane, bettere tsjinstferliening leverje en de demokratyske belutsenens befoarderje. Us hast 800 - jierrige tradysje fan lokaal selsbestjoer is gjin tafal, mar it resultaat fan it Fryske langstme nei sizzenkip oer it eigen bestjoer. Dy wearde koesterje en beskermje wy.

 **BBB leaut yn it belûken fan ynwenners.** Minsken witte faak sels it bêste wat goed is foar harren buert. Dêrom belûke wy ynwenners fan it begjin fan in proses ôf, net pas as alles al besletten is. Tink bygelyks oan ûnderwerpen as wenjen, ferkear, grienynrjochting, feilichheid, foarsjenningen, sosjale aktiviteiten en duorsumens. Wy wolle doarps - en wykrieden mei echte ynfloed, as folweardige petearpartners.

 **Jongereinried: de jeugd oan it wurd.** BBB Dantumadiel wol de stim fan de jeugd serieuus nimme. Dêrom sette wy yn op de oprjochting fan in jongereinried: in platfoarm dêr't jonge ynwenners aktyf meitinke en ynfloed útoefenje kinne op belied en foarsjennings. We benaderje harren persoanlik en nûgje harren út om mei te dwaan. Sa soargje wy dat harren ideeën heard wurde en oanslute by harren libbenswrâld, winsken en behoeften.

 **Wy binne berikber.** Us kandidaten, riedsleden en bestjoerders binne goed berikber foar ynwenners fan ús gemeente. Wy begeare in periodyk sprekoere.

 **Amtners midden yn de maatskippij.** BBB fynt dat amtners minimaal trije maatskiplike staażes yn it jier ôflizze moatte yn de gemeente. Sa bliuwe se ticht by de ynwenners, begripe se de deistige praktyk better en kinne se de gemeentlike tsjinstferliening ferbetterje.

 **Heldere kommunikaasje foar elkenien.** De gemeente Dantumadiel moat begryplik en tagonklik kommunisearje, sadat eltse ynwenner dy't dat wol, ynformaasje begrypt en meidwaan kin.



-  **Minder regels, mear ienfâld.** BBB stribbet nei minder oerstallige regels en yngewikkelde prosessen, sadat it foar ynwenners en bedriuwen makliker wurdt om saken mei de gemeente Dantumadiel te regeljen.
-  **Eigen inisjatyf moat mooglik wêze.** Wy jouwe ynwenners mear romte om sels oan de slach te gean. Net 'mei dat wol?', mar: 'Hoe kinne wy helpe?'
-  **Digitaal mei de minske sintraal.** BBB fynt dat digitalisearring de tsjinstferliening ferbetterje moat sûnder de minsken út it each te ferliezen. Digitale mooglikheden meitsje kontakt makliker en flugger, mar persoanlike oandacht en berikberens bliuwe altyd essinsjeel. Dêrby moat de digitale tsjinstferliening tagonklik wêze foar eltsenien, ynklusyf minsken mei in fisuele, auditive of oare beheining.

ELTSE REGIO TELT!



BOERBURGERBEWEGING.NL